

Nieske Stamsma : in forhael út 'e Greidhoeke

<https://hdl.handle.net/1874/233705>


mm 010120

-26

Neske Tamsma

[K. P. Troelsa]







Foarwird foar de foarste Printinge.

Lêzers! As min in bulte liddige tiid hat, scoe me yen faek ridlik gau forfele, as me net it ien eft oare oanfette, om de tiid to deyen. Sa giet it my. Yn ûren, hwer ik oars nin rie mei wist, hab ik dit stik by enoar makke. Do 't klear wier, lykwols, wist ik net hwet ik der mei dwaen scoe. Yn 'e fodkoer thriuwe? Né, dat bigreate my doch, hwent ik hie der sa'n wirk mei hawn! Hwet den? it yn 't liocht jaen? Der hie 'k den oars wol hwet sinnichheit oan, »mar" tocht ik, »dit scil wol forkeard útpakke." Nei folie omtinken hab ik it doch weage. Hwerom? Us heit sei altd: min mat alles bisykje! Nou, hawar, ik hab sin wurden ek hjir yn tapassing brocht; ik hāb it bisocht. Falt it yn 't wetter, ik kin it net keare, mar den bin ik ek foar jimmer genésen fen myn ynbiolding. Foldocht it in bytsje, den scil ik it ris hwer bisykje.

Hwet nou egentlik it wyt is fen myn stik? It is dit: siean to litten, ho forkeard it is om yen troch in foroardiel liede to litten; om stiif fêst to halden oan yn bigryp; om to mienen dat min nin goed minske wêze kin, sûnder yen fêst to woeljen yn 'e mesken fen in ald learbigryp.

Hab ik dit wyt birikt?

Ik hoopje it, Lêzers! Liketh it jimme oars ta, nim it my den net al to kwea, mar think: nou, hy hat it goed miend.

Foarwird foar de oarde jefte.

Sahwet 18 jier binne sûnt forroun; it boekje wier ridlik gau útforkoft. Lykwol bin ik er net earder takomt om er in oarde printinge fen yn it liocht to jaen. Nou weagje ik it. Ik ha it opskrift in bytsje foroare; eren hiete it: »forhael út ús tiid,” nou hiet it: »forhael út 'e greidhoeke.” Hwerom? De lésers scille it sels wol fetsje; de tiid fen do is net mear de tiid fen nou, mar yn 'e greidhoeke is alles yet al fryhwet it selde.

Yn it stik sels is net folle oars wurden; lykwol hab ik in ûndogenske joad foroare yn in ûndogensk kristenminske. Hwerom mast dy dogeneat krekt in joad wese?

De Skriuwer.

N I E S K E S T A M S M A .

In forhael út 'e Greidhoeke.

I.

't Is winter. It field is mei in wyt lekken bidityzen , dat de himmele sinnestrielen hweromkeatst, krekt as wier it mei dyemanten bistruid. Me scoe hast blyn wirde fen 't siean yn 'e fjirte. Ek de griise winter hat syn skien-nens, al misse wy it forskaet dat de natûr ús yn 'e simmertiid oanbea.

't Is ientoanich en stil op 'e romte.

Min heart der net mear it fleurich lieth fen 'e liurk ; min siocht der de lieap net mear kopketommellen; allinne siocht min hjir ef der in ienlike roek mei syn swarte plommen delsaeyen, krekt as wier er yn 'e roue, om al it skiene en moaye dat mei de waerme simmer fordwoun is.

It wetter dat yet foar koarte tiid de skippen mei útspraete seilen op syn bolle weachjes foartdroech is nou in hirde koarste. Nin wolkentsje is der oan 'e blawe loft

to sjean, de sinne jit hjar súvere strielen oer ús út, mar lykwol is 't kâld -- sa kâld dat wy nou en den ris hân-bûkje matte om de waermte to hâlden.

Hjir op it field is 't kâld en stil; mar der jinsen op 'e feart der siogge jy feinten en fammen méi switdrippen op 'e foarholle. Nin nychheid! It giet er oan wei as wier 't merke. 't Krioeth er fen jongtolts. Fammen en feinten fleane op 'e smelle stikken ízer hinne en wer, hast mei koegelsfeart. As op 'e wiukken fen 'e wyn stouwe se út enoar, om op it ein fen 'e baen wer as yn ien kleawn gear to woeljen.

Under dat jongfolts is ek Nieske Stamsma mei in pear spylfammen fen hjar jierren. It binne frouliu as mólke en bloed, mar Nieske binammen is in bield fen in faem. Hja is net oergreat; mar hjar hâlding is sa kein, de klean sitte sa kreas om 'e tsjeppe lea; hja hat sa'n friske kleur en sokke ynmoaie sêftblauwe eachjes, dat min mat sizze: it is in faem om to stêlen.

Dat hjar 't libben wol lest en hja ek wol meidwaen kin op 'e glêdde baen is ringen to sjean. It liket ús dos ek net freamd ta dat er in keppel jonge feinten om hjar hinne strúne, krekt as langskonkige miggen om 'e kerse, dy al neyer en neyer draye, ont se einlings de wjukken tobarne oan 'e forriederlike flamme.

Howol nou nimmen der just in wjuk by ynskeat, kamen hja der doch net sûnder in blau skíne ôf, dy it weagen hjar oan to kommen mei de frege: »as hja op-lidze scil?» Is Nieske den sa'n keken ding? Binne dy flinke boeresoannen mei goudene horlogekeatingen op 'e broek hjar net iens goed-enoch?

Och, né, Nieske fliucht net sa heech, hja siocht net

wakker op 't bûtenste; it kin hjar net skele as it in boeresoan ef in boerefeint is dy hjar fregeth; mar hja is net allyk in hopen fammen, dy — hinne en wer as de wynd -- nou oanhâlde mei Jan en moarn mei Klaes. Hja is ien fen dy fammen, dy hjar fêst klampje oan ien feint, oan ien hert, dat waerm kloppeth foar alles hwet goed en eabel is.

Salang as de riuchte Josep dos net komt wol hja nin gedoch ha, en is hja ek ôfkerich fen dy jongkeardel mei det skarlûnhaflich útsiean, dy der permantich op hjar ta ryth en nou mei in fliunsk lûd fregeth: »as hja méi him op 'e baen wol?"

Dat is Symen Wytkop, de kûperssoan út it gea. Syn wiere namme is egentlik Symen Hoepelstra, mar om 't er sa'n wyt bosk hier op 'e holle hat en sokke liochte eagen en bûten dat sa meager en bleek is as in spierring hat min him de bynamme joun fen 'e *Wytkop*. 't Is in feint dy him earder wol to bûten gong yn it drinken fen 't Skiedammer fiûrwetter, mar sont in rûnd jier hat min der nea mear fen heard. Dat is lykwol nin nychheid, hwent Symen is bikeard, dat wol sizze: Symen is ta 't ynsiean komt fen syn forkearde wei, hat derop in forheftige striid yn syn binnenste field, krige do in ynjowing fen de geast, hwertroch er »ta romte" kaem, en is nou opnomd ûnder 't fromme folts.

Koart wei joech Nieske him op syn frege ta'n anderth: »Né!" en mei fliucht hja nei it ore ein fen 'e feart, hwer in kant jongfeint stieth mei in forstandich útsicht en in ynnimlik antlit.

Hy siocht Nieske oankommen en 't bloed fliucht him nei de holle Hja siocht him ek Ien wink mei de eagen, — twa slaggen yn 't rûnd om hjar

hinne, en hjar hân leit yn synes. Der ride se hinne . . .
foarth . . . fier foarth . . . de feart op.

En Symen ? Earme Symen ! . . .

II.

Wylst it jonge pear der hinne glyth, en Symen, bleker yet as oars, op 'e toskan byt en de fûst nei hjarren útstekt, seil ik jimme neyer bikind meitsje mei de haedpersoanen fen disse skiednis.

Nieske is 't ienichst bern fen baes Stamsma, de smid en hyngstedokter fen 't gea. Baes komt al aerdich op jierren en docht derom net in bulte mear oan 'e smidderij. Hy lit it smeyen oer oan in pear teinten. Nou, 't kin wol lye dat baes sels net mear oan 't ambielst stiet, om 't er de skiepkes aerdich op 't droege hat. »Baes sit er goed by,» sizze de doarpsliu, en howol min alle praetsjes net leauwe kin, it is siker wier, baes sit er goed by.

Stamsma's âlden wieren gemiene arbeidersliu, dy mei bodjen op 't field troch de tiid kaemen. Om 't it hjarren better talike dat hjar jonge in handwark learde en de âlde smid him wol ha woe, dieden se de jonge op 'e smidderij, en dit noaske him wol om 't hy wier moai geef fen liif en lea en iverich fen aerd.

Do er twyntich jier âld wier forstied er syn fak yn 'e grûnd. Derby wier 't in oppassend jongfeint, der neat op to sizzen foel. Ek wier it in tsjep feint en hy stied sadwaende yn in goed blêdsje by de fammen. Ek de jonge dochter fen 'e smid sloech in goed each op him, en do Stamsma dat yn 'e noas krige, tocht him, moast

er alle ore frouliu rinne litte en slean as er Griet — sa hiet hja — net ta syn wiif krije koe.

Wy moatte him lykwol ta syn ere neijaen dat net it jild ef de smidderij him allinne oanlaken, né, Griet seach der tsjep-enoch út om in feint de holle waerm to meitsjen. Yn 't koart: nei lang tsjinaxeljen fen de âlde, kaem it safier, dat Stamsma Griet krige en mei Griet de smidderij op 'e keap ta.

Nou gong it baes net sa as folle liu, dy' op slach en stiet fen lyts great wirde, en dy den daelk de seilen sa heech oplûke, dat de touwen brekke — jonge né! hy sette se net heeger as lye koe. Hy bleauw fix by de pinken en pakte de kou sels goed mei by de hoarnen.

Sadwaende kaem er foarút, al hie er ek fry hwet ûnk yn syn húslik libben. Do er in jier trouw wier, krige syn wiif in bern, en de kreamheinsters sei dat it wier in grouwe jonge. As dit wierheit wier, wit ik net krekt mear, mar ik wit yet bêst hodanich as baes him tierge. De man wier sa bliid, krekt as hied er thûsend gounen út 'e lottery woun.

De kreamfrou wier ridlik gau wer by 't spil en de jonge waard eltse dei grouwer. Do 't bern lykwol acht wiken âld wier, bigoun het to quinen. Dokter sei: »it hat it sûr." De burliu seyen: »it bern is bitsioend, baes! jy matte nei in divelbender ta."

Baes sloerde der lykwol mei om de lêste ried to dwaen; mar ûndertwischen gong de jonge al efterút, ta 't er einlings in set krige, der er yn weibleaw.

Ho 't it baes en syn wiif om 't hert wier, do hja it lieave bern to hôve brochten, kinne hja allinne mar fiele, dy 't selde ûnderfoun ha; biskriuwe kin ik it net.

As min in bern forliest seit de wrald faeken : »Och, it is net sa slim, sa'n lyts bern. As se greater binne kin min se sa goed net misse.»

O, jimme wiize minsken, sûnder waermte yn it hert! Freegje 't in mem, dy it oerkomt, ef it ek hird is hjar bern nei 't tsjerkhôf to bringen, hjar bern, dat hja sa lieaf hie! Sioch de triennen, dy 't hjar oer 'e wangen roalje, en sis den : »och, it is net sa slim!

It is sa, it diurre nin oardeheal jier ef baes hie wer in jonge, mar think net dat de bliidens mei it twade tsjin it lyen om it earste útkin!

Ek in famke krigen hja.

It wieren skoandere bern, heit en mem wieren der thige wiis mei.

't Mocht hjarren lykwols net barre it jonkje to bihalden; 't wier in yslik gefal; ik seil 't jimme efkes forhelje.

Efter it hûs laei in fixe lape groun, der baes in pear skiep op rinnen hie. Dit stik groun waerd fen de lânnen efterút ôfskaet troch in sleat. De lytse Gabe wier fjouwer jier ald en boarte faken mei oare bern yn 't *skieppelân* (*), om 't der hieden se de romte en min tocht dat se der ridlik feilich wieren. Boppedat koe de frou den út 'e efterkeamer it each der oer gean litte. Nou barde it op in neimiddei, dat er in fyndoeekspoep kaem, dy syn boel útpakte. Nou, jimme witte ho 't de frouljue binne; as er sa'n lapkeman komt binne se net to halden. Alles wirdt ûnderst boppe helle; alles forjitte se om hjar hinne. Griet wier neat better as de hele rêst. Wol in heal ûre diurre it bisiean en útsykjen. Do hja einlings takoft wier,

(*) To Koudum hjitte se it de *grudden*.

tocht hja wer oan 'e bern. 't Famke siet lieaf to bortjen oer 'e flier mei in poppe, mar Gabe? Hja seach it feinster út, mar Gabe seach hja net.

Hja hie lykwols yet nearne nin erch yn, om 't hja tochte, hy scil wol by heit yn 'e smidderij gien wêze. Mar né, heit hie him net sioen. Och, hearink, hwer is dy jonge den? Strak wier er yn 't lân efterhûs en nou is er foart! Hjar hert bigjint fen eangstme to slaen. Heit en mem fleane it lân út, nei de sleat ta, en, think ris ta! — der stiet Gabe mei de holle foardel yn 'e weake modder! 't Boaike wier wei!

De keltme sloech Griet sa om 't hert, dat hja nea wer soun west hat. Nei in wike mannich krige hja de koarts; hja bigoun to dwyljen; de kreften bijoegen hjar, en hja wier ek wei.

Jimme fiele hodanich as baes oerstiûr wier oars net? Allinne stied der nou yn 'e wrald, mei in famke fen pas twa jier ald. Fen sels mast er nou in hûshaldster ha, en — lokkich foar him en it lytse famke — slagge er deryn mar moai goed. De faem hie de thrije krúskes al op 'e rech, en wier kreas, kloek en sêft fen aerd. It diurre net malle lang of hja hie Nieske — sa hiete it bern — lieaf, sa lieaf as in mem hjar egen bern mar ha kin.

Sa gong alles in jier mannich lang. De aldfaem en Nieske libben as mem en bern, en de tiid — de bêste heelmaster — makke ek baes syn wounnen niunkelytsen thicht.

Lykwol sokke slaggen blauwen baes net yn 'e klean sitten. De falden yn syn foarholle en de griise túfkes hier, dy ûnder syn aldmoadrige hoed weikyppe, tsiûge

fen lyen en striid. Ja, baes hat in greate striid hawn, net allinne tsjin de naerichheden fen 't libben, mar ek fen 'e striid om 't gelowe hat baes syn part hawn. As Jonge hat er op skoale lêzen en skriuwen leard, mar ek neat mear, om 't it ûnderwiis yn dy tiid net op sa'n goede hichte stie as nou. Hy gong ek by domeny to fraechlearen. Yn dy tiid wier de striid oer 't gelowe yet net sa algemien op alle pleatsen en ûnder alle stânnen as hioeddeis, en de domeny, in goe man, makke der nin wirk fen om it fiur fen 'e twadracht yn 'e gemeente oan to bliesen, en der hied er wis gelyk oan.

Disse man hie riu ynfloed op syn foltsen sa 't allegearre him graech lye mochten. Sa kaem it dat de nammen fen *riuchtsinnich* en *frysinnich*, *orthodox*, *liberael*, *Grinzers* en *modern*, hjir yet frjemd wieren, do op folle oare plakken de »verschilpunten des geloofs" jamk de holle waerm en de herten kald makken.

Do baes lykwol in wike mannich widner west hie, kaem domeny to forstjerren. It dûrre in hiel toarn ear 't er in birop dien waerd, en yn dy twiskentiid waerd er sneins troch de ring preke.

Nou krigen de ljue sahwet fen alderhanne kost; as der hioed preke waerd: »Wij zijn kinderen van God," den wier it takommende saein: »Gij zijt kinderen des duivels;" as it nou wier: »Verbant het kwade uit uw hart; streeft naar volmaking!" den wier it strak wer: »Uwe goede werken zijn niets in het oog des Heeren; uit loutere genade zult gij zalig worden."

Sa gong it altyd. It sprekt fen sels dat er sadwaende fordielheid yn 't gea kaem. De iene skaette him fen de ore, en sa kaemen der partijen, in *orthodoxe* en in *libe-*

râle. De lêste waerd ek wol de *Evangelische*, soms de *moderne* partij njeamt.

Heftich wier de striid om it birop, mar einlings masten de »nyliochters" wike en sa waerd er in proponint út Utrecht biroppen dy »de minsken thige op it gemoed kaem" en »danich súwer yn 'e leare wier", 'sa 't de liu seyen.

Hwet dat egentlik sizze woe súwer yn 'e leare to wêzen, der hieden in hopen liu net sa sûnders oer neithocht, mar de nye domeny scoe it hjarren wol útlizze. Hy die it ek. Hy spriek oer de »Anti-Christ," oer de »Satan", dy as in *brieschende* lieau yn 'e gemeente rounteach, om de sielen yn 't tordjer to lûken. Hy sei dat alle tsjinramp dy in minske oerkaem straffen wieren foar de »godlooze wereldlingen" en »beproevingen" foar de »uitverkorenen Jesu."

Immen, dy yn leed sit ef folle to lyen hawn hat is net sa rimpen der ta to kryen om de dingen fen de liochtside to bisiean. Hy syketh meastal it skaed op. Sa wier 't ek mei baes. Syn hert wier ryp foar de leare fen de nye domeny en sa kâem it dat er in iverich bodder waerd op it tsiustere field fen binyptens en bygelove. Nou stiet baes oan 't haed fen in forieninge, dy earst nieamt waerd fen »Vrienden der Waarheid," mar nou de namme hat fen: »Waarheid, Recht en Orde." Hwent earst hie dy forieninge allinne in Goadstsjinstich doel, mar nou wurket se ek op it field fen 'e poletyk. Troch al dat gedoch is baes safier dat er neat foar goed hald, hwet yn striid is mei syn opfetting fen de goede wei.

Nieske is in faem mei in goed aerd, en hja giet hjar yn neat to bûten. Lykwol is it baes yn 'e wei, dat

hja hjar part ha wol fen 't bytsje formeits, dat er yn 't gea foar in jong faem to fynen is, sa lyk as it *Nut* en 't *reciteer-collegie*, dat binne gearkomsten, der de diivel op 'e troanje sit, sei baes.

Nieske docht jerne heite sin, mar hjar der wei to halden, sa fier kin baes it net krye, en om der hjar mei geweld ta to twingen, der hat er hjar to lieaf ta.

Hy mient lykwol eat útfoun to habben om hjar hert fen dy idele dingen ôf to lûken, en hwet, miene jimme, dat it is? *It is in man dy foar 't goede is.*

Jimme witte, lêzers, hwet dat sizze wol, foar 't goede to wêzen? Dat wol net sa sûnders sizze, dat me elts sines jowt; net dat immen oppassend en opriucht is; hea né, it wol sizze dat er »bikeard" is, dat er prate kin fen »bevindingen" en him nou en den it ien eft oar yn 't sin komt dat me in »inging" neamt.

Sa'n man, tocht baes, is Symen; dy mat hja ha.

Dat dit Nieske der neat nei like, ha wy niis al sioen op it iis, en wy witte ek wol hwer it fen dinne komt.

It komt om 't hja net fen Symen hald, ja, mar mear yette om 't hjar hert fol is fen Pybe Siûrds.

Pybe is in skútmakkersfeint, syn âlden binne dea; Pybe kin fix lêze, skriuwe en rekkenje, en hy teikent ek moaye skippen út. Master hat altyd sein: »dy jonge sit wol hwet yn; hy scil 't fier bringe."

Hja woeden earst in skoallemaster fen him meitsje, mar dat noaske him net. Sa bleauw er by syn heit op 'e helling, en do syn heit kaem to forstjearren kaem er by de nye baes.

Jild hat er net, hy scil altyd mei syn fâsten him troch de tiid wrotte matte; mar der jout Nieske net om; hja hat him lieaf, en dermei is alles sein.

III.

Eindlings scille wy de thried fen ús forhael wer op-fetsje, der hwer wy him los litten hadde, to sizzen by it jongfolts op it iis.

Mar is it wol nedich Pybe en Nieske nei to gean yn hjar flecht? Och né, litte wy hjar lieaver mei rêst litte. Hwet der barth twisken twa herten, dy fen jonkheid, lieafde en hope klopje, dat is to heilich om it oan 'e greate klok to hingjen. Litte wy lieaver in pear ûren foarút rinne en sian hwet er den by baes Stamsma yn hûs barth.

Baes sit mei de ald faem yn 'e siedkeamer by in hel-der barnend fûr.

Lyk as ik sei, baes is in man, dy al op jieren komt. Hy liketh in goed sextich jier ald.

Syn hier is plat oer 'e foarholle stritsen; syn strûfe troanje en de lippen dy 't er stiif op 'e noar hâld, litte klear sian, dat baes in man is mei in stiif sin, in echte fryske stiifkop.

Ut in lange kalkene pype fen »it Laem ûnder 'e beam'' sûcht er greate wolken reek, wylst er nou en den de holle skoddet en mei de hân syn hier glêd strikt. Dat komt troch dat baes út it humeur is.

Oan 'e iene kant fen 'e tafel, tichte by it feinster, sit de alde faem mei in panne op 'e skerte, beusich mei it skielen fen in greate koalraep, dy hja strakjes yn lange reepen snye scil en den wer yn lytse dobbelstientjes.

De alde griise kat leit to spinnen op 'e waarme plaet by de hird. 't Liket ús ta dat hja de ienichste is dy it wol nei 't sin hat.

Tjinoer de faem oan de oare kant fen 'e tafel, stiet yet in

stoel, mar dat plak is leech. It stâniizer, de plaet, de spegel, it kammenet, alles blinkt yen to miette en seit ús, dat de aldfryske himmelens yet net útstoarn is. De koffiepantsjes op 'e tafel, it reamkomke mei in silveren mólkeleppeltsje dêr yn, de rook, dy yen tomiette komt út 'e koperne koffiekanne, dat alles lit klear sieran dat de liu koffiedrinke scille; mar . . . de lege stoel preketh: »wy wachtsje op 'e thredde man."

Baes docht in tige hael út 'e piip, strykt yet ris syn hier glêd en seit: »Hwer dat fanke nou wer sitte mei?"

»kScoe tinke, baes, dat hja wol hast komme seil; mûlk is hja wol efkes by Bauke Griet ynroun," sei de faem.

»Ja, ik wit wol better: de hiele neimiddei yn idel formeits op it iis omjeje en den jouns yet 'e bûrren omflinterknippe; dy wrald! dy wrald!"

Baes lit, wylst er dit seit, in djippe sucht.

»Mar baes, hja is oars in goed fanke, hja hat wol hwet foar en oar oer en hja is nin wylde fleaner lyk as der in hopen fen dy jonge klitzen binne."

»Och Tryn! ús goede wirken — praet er my net fen! Hja binne neat wirdich; dy derop syn hope bout, bout op in sângroun."

Hwa wit ho lang as baes sa foartpraet hie, wier it net dat de klink fen 'e doar oplitzen waard en der immen ynkaem. Hja tochten dat it Nieske wêze scoe, mar né, — it wier Symen Wytkop, dy mei in útstritzene troanje goejoun winske en derop, sûnder him noadje to litten, in waerm plak yn 'e hirdshoeke ynnaem.

't Is wol to sieran dat baes mei Symen hwet op hat; syn troanje wirdt fleuriger en hy hiet de faem om Symen in piip en tabak to jaen.

Nei 't Symen de piip oanstitzen hat, siocht er tomûk de keamer ris roun en freget, wylst er in wolken fen riekt útbliest: »Is Nieske yet net torêch?»

»Né," anderth baes; »né, ik think hja scil efkes by Bauke Griet oangien wêse, om 't hja der wol gau ris hinne giet. It is oars net goed dat hja net earst fen 't iis ôf thúskomt."

»So-o-o?" seit Symen, en hy docht in hael, dy him hast ûnsichtber makket fen 'e reek.

Sa hat er wol hwet fen Belsabub, dy him ek altyd mei reek en walm omjout as er in ûndogensk fyt op it each hat.

»So, tinke jy dat? Nou, den leau ik doch dat ik better op 'e hichte bin, hwent it scoe my binye as ik nin wierheit spriek as ik siz dat hja oars earne is. Wol ik jou ris hwet sizze? Hja is oerdeis de feart opryden — opflein, mei ik wol sizze — mei Pybe Sjoerds, en hja scille hjar grif wol sa fier fen honk joun habbe! dat hja net foar tsiuster werom koeden. Dy Pybe is ommers sa'n ien; — in fint, dy om God of syn gebod jout. It is wol jammer dat jimme Nieske him altyd ek kar jout."

Baes wirdt bleek om 'e holle. Fen ûnkristelike toorn, ef fen eangstme dat syn bern in ûngelok krije scil? — Ik wit it net, mûlk wol fen beiden.

Hy stiurt de faem wei om ris út to siean, hwerop er tsjin Symen seit:

»Ja, Symen, dit is in biproewing," en hy lit derby in djippe sucht. »It is myn ienichst bern en ik hald danich folle fen hjar; ik scoe derom sa jerne ha, en ik bid er faken om dat hja in ôfkear krije mei fen 'e idelheit fen dizze ierde.

Derom scoe 'k hjar graech in man tahabbe wolle, dy yn 't stik fen 't gelove de súwere leare tadien is; mar hwet scil ik sizze? . . . Dit stiet lykwol fêst, dy Pybe krigeth hjar net, it mei den gean sa 't wol!"

By dit sizzen komt er in glimke op it antlit fen Symen; mar it is net sa'n glimke, dat mei in frieunlike sinnestriel to forlykjen is, it is ien dat net maklik biscreauwn wirde kin: der is eat divelhaftichs yn dat glimkjen.

»Nou Baes'', seit de feint, »jy witte dat ik wol mei Nieske ophab en der my op útlis om by hjar yn 'e ginst to kommen, mar ik kin hjar net throye, sa 't wol liket."

»Kom den moarn to joun . . ."

Baes mat ôfbrekke, om 't de doar giet op en Nieske komt mei in blier en frjeunlik antlit ynrinnen. Hja bistjert lykwol gâns sa ringen as hja Symen siocht, dy mei syn glêsene eagen op hjar digerth, op in menear, dy tsiûcht fen forskate tsjinstridige fielingen: lieafde, jaloerskens, haet, al dy dingen binne yn dat iene eachopslach to lêsen.

Nieske winsket goenjoûn, seit dat de tiid hjar hwet ûntkomd is en mat nou in hiele boetpreek fen heit oanhearre, dy hjar net biuster noasket, en die hja derom, al harket se him ek al sûnder tsjinpraeten oan, it iene ear yn en it ore wer útgean lit; net dat it hjar allike folle is ho 't heit oer hjar thinkt, né, mar om hja súver net bigripe kin, dat hja — bûten dat hja wol hwet earder thús wêse meyen hie — hjar it minste kwea to'forwiten hat, en ek . . . hja is hwet yn 'e sûs fen hjar petear mei Pybe.

It jinge wy ont nou ta skreawen habbe, is genôch om de lêser op 'e hichte to bringen fen it wyt, dat elts

fen ús persoanen driuwt om de rôl to spyljen der se hjir yn foarkomme; om my dos net to fier fen honk to jaen, scil ik mar koartwei meidiele hwet de earste folgen wierne fen 't jinge wy nou witte.

Symen sette syn netten fen alle kanten út om syn fûgeltsje to fangen, mar it woe him net slagje; as er miende it bisflappe to scillen, den fleach it hastich foart, en it dertene ding lake de sleawe fûgelfanger op 'e heap ta yet út. Skielik bigriep er den ek dat er op 'e wenstige menear nea syn wyt net birikke scoe, enderom forsette er de beakens.

Yn alle stillens bigoun er allerhanne praetsjes fen Pybe út to struyen, en de laster wol op sa 'n lyts doarp altyd moai goed tierje. Sa dûrre it net malle lang ef der rounen alderhanne nuvere teltsjes troch it doarp, dy net folle moais seijen fen Pybe.

Pybe en Nieske seagen mankoar nou en den to mûk, mar Symen wist er faeken wol efter to kommen, en dy makke den wol dat baes it op de iene ef ore wise to witten kaem. Dit libben bigoun Pybe en syn faem tsjin to stean en om 't hja seagen dat it sa nea eat wirde koe, bisleat Pybe mar om ris in hoartsje foart to gean, nei in oare pleats en dêr syn fortún to sykjen.

Mei in trien yn 't each en in klopjend hert joegen hja mankoar de hân fen trou en ljeafde; hja skaetten mei frese en eangstme, mar op 'e boayem fen hjar herten laei doch ek in griseltsje hope, dat er yet ienkear útkomst komme scoe.

As de wrald ús ûntfalt en alles tsjuster is om ús hinne, den rikt de ljeaflike goddinne der hope ús de hân en wiist ús yn de takomst yet in strieltsje fen liocht oan.

IV.

Sont it jinge ik ont nou ta forhelle ha is der saun jier forroun. Do skreau min it jier 1874 nou 1881. Der is fryhwet yn 't forrin fen dy jiermannich bard yn ús heitelân, oars net? Der rint nou net allinne in fjûrwein fen Harns nei Liowerd en fen Liowert nei Hearrenfean, mar it scil net lang mear dûrje ef wy kinne ek mei sa'n wein fen Liowerd nei Snits komme en fen Snits nei Starum; ja, it scil barre dat wy mei in fjûrwein lâns de diken stoamê fen it iene ein nei it ore. Jier op jier komme der mear telegrafen en telefonen, en dizze tsienners fen foarútgong bringe in hele bulte foroaringe oan. Hja scille úthiemske seden en menearen ynfierre en ús alde spraeke langsom fordriuwe; — it is sa, mar hja scille ek liocht oanbringe, der hwer it yet tsiuster is; hja scille de minsken neyer ta mankoar bringe en dertroch meiwirkje ta it weinimmen fen in rêst foroardielen, dy borne fen sa'n bulte kwead.

Lit ús derom in tankber brúkme meitsje fen de útfyndingen der witskip. Lit ús de foarútgong net tsjinhâlde, om 't er somwilen 't iene eft ore, dat wy lieafhabbe, yn syn stream meifierth en fornieleth. Och, stakkerts, dy wy binne! wy kinne him doch net kere, dy tiidgeast! Litte wy him den mar folgje, yn 'e hope dat er ús op in goed paed lieth.

Pybe tocht er sa oer, en hy waerd in great man. Baes Stamsma roeike tsjin 'e stream op, en hy brocht syn ienichst bern yn 't lyen.

Mar lit ik fjirder forhelje!

In lyts ketier bûten de bûrren stiet in lyts húske oan 'e sândyk.

It húske is ald, hwent de mûrren hingje sahwet in heal foet út it lead. En tsiucht it útwindige jamk fen earmoed en lyen, yet folle mear scille wy der binnen sian, dat ús it hert to priemketh.

Húsrie fynth min der hast net, hwet er yet is, is skien en himmel, mar alles is keal en leech. In blyn hynsder scoe der nin skea dwaen kinne.

It is in kâlde Decimberjoun, mar nin griseltsje fiûr is der op 'e hird.

't Is al let; de klok fen 'e tsjerketoer hat krekt sa tsien swiere slaggen oer 't romme field bromje litten.

By in aldmoadrige tûtlampe sit in frouminske mei de hân oan 'e holle.

Hwa dat is? — 't Is Nieske Stamsma, mar min scoe hjar sikerwier net mear kinne.

De friske reade kleur, dy eren hjar sêfte sidene wankjes forsierde, is fordwoun: bleek en suchlich siocht hja er nou út.

Hja is acht en tweintich jier ald, mar min scoe hjar earder oansian for fiertich — sa is dat m'nske forore.

Lichems- en sielelyen habbe hjar libbensnocht roave. Foar 't each libbet hja yet, mar ynwindich is hja dea. Deadsk en kâld is 't om hjar hinne, deadsk en kâld is 't yn hjar hert. Mar né, der barnt doch yet in loachje fen ljeafde yn dat hert, en dat strieleth wer út hjar each, dat se rêste lit op dy twa berntsjes dy der yn in hoeke op in bultsek lizze to sliepen.

Earm wyfke!

Eren koe hja folop alles krije hwet hja winske, en nou sit hja der iensum en forlitten mei twa berntsjes, dy moarnier as hja wekker wirde, krite scille om brea. En

mem hat nin brea! Mem hat neat, dat hja de earne hertsjes jaen kin.

O, dat tinsbiel, dat hjar berntsjes licht omkomme scille fen earmoed en lyen, it is net út to stean!

Earne mem! Lit fry dyn trienen rinne; it scil goed dwaen oan it fel bineare hert, earm sloof!

Neat is er lykwol dat hjar treast jout. Oan in lieafderik Albistiurder te leauwen, hat hja net leard. Hja bat net leard dat God in heit is, dy syn minskebern de hân tarikt om se to lieden op it paed fen it goede; né, min hat hjar jimmer to foaren halden dat God in »vertoornd rechter is, tsjinoer it fallene minskdom, der neat nin goeds yn is." En alle ûnk en tsjinramp, it wier neat as biproevinge fen de Here, as straffe for de sûnde. Straffe! mar wermei hie hja sa 'n straffe den fortsienne? Ja, hja wit it, hja hat fen hjar libben wol dingen dien, dy mûlk net goed wieren, mar nea hat hja mei opset sin immen ûnriucht dien. En den, is dizze straffe net to swier? Is sa 'n lyen, as hja to toyen hat, net to swier foar in minskebern?

Dizze thinsbielden hadde niunkelytsen by hjar woartel-sketten en om 't hja gjin heger godstsienst koe, ha se hjar oproerich makke tsjin 't Albistiûr.

Wy scille siean ho 't it kaem dat Nieske libben sa 'n rare rin nommen hat.

Do Symen it wiis waerd dat Pybe foart tein wier, tocht er: nou is for my it paed rom en hy liet oer 't jinge er ûndernimme woe den ek nin gers waexe.

Oeral hwer er koe socht er Nieske op, dy lykwol mar neat fen him witte woe. Sneintojouns gong er nei baes Stamsmâ mei syn moaiste pak klean oan 't liif, hy siet

den mei baes to praten en to smoken en wist de ald man sa danich yn to nimmen, dat er alhiel mei Symen wei-roun. Mar as it tiid waerd om nei bêd to gean, den makke Nieske altiid dat hja earder út 'e foetten kaem as baes, en Symen koe den wer ûngetreast opkrosje.

Ienris op in Snein lykwol barde it, dat baes efkes foart moast en moai lang weibleau. Symen naem do syn trekken to wacht om Nieske to sizzen, ho hy oer hjar tocht, mar al ho 't er bea ef him warde, it wier om 'e nocht, neat koed er mei hjar wirde. Syn bloed koake, mar hy mast him bitwinge.

Hy bigoun nou op Pybe ôf to jaen. Hy praette er fen ho 't dy der op ôf gien wier, sûnder dat me wist hwer er stoud of flein wier en dat it spil mei him wol net plús wêze scoe. Mar do masten jimme ris sioen hadde mei hwet in fiúr Nieske oerein fleach en him it lexiom opsei!

Symen bigriep hjir út, dat it mei hjar en Pybe yet net út wier. Hy swarde by him sels dat er der efter komme scoe. It lokte him den ek wiis te werden, dat Pybe yn Amsterdam tahâlde.

Foar dat ik fierder forhelje mat ik jimme sizze dat Pybe oan Nieske onthietten hie om de wike et fjouwer to skriuwen en dat er den Geale Pluk freegje scoe om de brieven oer to bringen. Geale die yn ald goed, alde klean, fodden, bonken, endsf. Hy kaem grif om de fjouwer wiken to Amsterdam en woe for in pear doebeltsjes jerne de brieven fen Pybe meinimme en dy yn 't geheim oan Nieske oerhandigje. Nou en den skreaw Nieske ek in brief oan hjar fryer.

Sa fornaem Nieske út it earste brief dat Pybe yn Am-

sterdam wier, mar dat er yet nin wirk krye kinnen hie. Lykwol, hy scoe him wol rêdde, hwent hy wier jong en sterk en hja mast mar mei hope de takomst tomielte gean.

For immen, dy hwet fierder siocht as syn noas lang is, scoe der yn dat earste brief wol hwet west hadde, dat just net folle moed joech foar de takomst; mar de wurden fen trou en lieafde, dy Pybe der by yn flochten hie, wieren balsem op 'e wounen, dy Nieske hert blieden deden, en joegen hjar kreft om de striid fen hjar libben fol to halden.

Yn it twade brief sei Pybe dat er slagge wier op in greate helling, hwer er just net folle fortsjinne, mar wol hwet lere koe.

Yet in brief kaem er, mar eindlings bleawen se wei en Nieske fornaem neat mear fen Pybe.

Ho eangstich en near hja derfen wier, kin nin minske net sizze.

Nou hie twifel oan Pybe syn lieafde, den wer de eangstme dat er yn 't ûnk siet ef mûlk wol dea wier, de oerhân.

Yet slimmer trochpriemken dy fielingen hjar hert, om 't er net ien wier, hwer hja hjar ris oan útlitte koe. Nacht op nacht koe se net sliepe, en hwet hja den ek by 'n oar tocht, it waerd neat liochter yn hjar holle; Pybe liet neat mear fen him hearre. Ho dat lykwol kaem, tsjienje ik jimme út to lizzen.

Geale wier sa slim as in joad; oeral wist er foardiel mei to dwaen. Do er wiis waerd dat Symen yet altyd op Nieske los woe, tocht him, dat der wol in duit oan to fortsienjen wier. Hy gong der lykwol net rimpen mei to wirk. Dat Symen in haet tsjin Pybe hie, tocht him koe net oars wêse, en derom forhelle er him dat hy,

Geale, de oerbringer wier fen Pybe syn brieven. Oars sei er nin byt, him tochte, dat Symen scoe him nou sels wol fierder útlitte.

Symen twifele ek net lang ho 't er scoe. It wier daelk syn thinken: dy Geale mat ik ha; mei jild en goede wurden kin 'k folle dwaen. Sa sein, sa dien.

Symen frege Geale as er op in hiel maklike menear in goed stik jild fortsienje woe.

»Nou,» andere dizze, »Nou, dat kin jou bigripe! siz mar ho 'k er oan komme kin.»

Syn eagen glinsteren fen habsiuchte do er dat sei.

»Nou», seith Symen, »kom den joun om acht oere yn 'e Bokkeleanne, den scil ik dy sizze hwet astou to dwaen heste.»

't Wier der iensum en stil en derom wier 't krekt in plak for in byienkomste, hwer yn me in oanslach smeith op 't libben, 't jild ef it lok fen in meiminske.

Geale Pluk wier al op syn post do Symen kaem. Hy wier net riucht op syn gemak. Allinne yn sa'n leane, hwer de moanne syn frieunlik skimerliocht yn útjiet, dat scoe for alle earlike ljue in fieling jaen, dy hjar thinzen opdreauwen nei heger oarden, nei de oarden fen liocht en libben der boppe, hwer thûsenden fen wralden nei ievich fêste wetten omroaljende, altyd mei deselde kreft, altyd lûns deselde wei, de greatens fen de Algeast preekje.

O, minske! dou klagest oer it ûnrêstige fen it libben hjir op ierde? Siach nei boppe, nei it blauwe stjerrefield! Thûsenden fen liochten glimkje dy oan en lûsterje dy yn: »hâld dyn paed riucht, krekt as wy, den scilste mids yn 't gewrot en gewraem om dy hinne rêst fine en threast.»

Mar sokke fielingen wist Geale net fen. Yn syn siel wie der nin plak for heger thinzen. Der wier mar ien ding dat syn hert waerm meitse koe, en dat ding wier jild, jild en yetris jild!

»Jild is de ziel fen 'e negotie,» plichte er to sizzen, en dat is ek sa; — mar de menear hwerop hy der faeken oan-kaem, koe lang it liocht net fornere, net iens it bleke moanneliocht.

Is 't den níchheid dat er skrúten wier en dat er yn eltse beam, dy syn skaed oer 'e leane falle liet, in spoek seach?

»Kom bin jou dér? Nou, jou ha my lang wachtsje litten, hear! Mar . . . ik hoef doch nin moard to dwaen, nou?»

»Né,» seit Symen, »sa slim is 't net; der stiketh egentlik neat sa sûnders yn.» Mar syn gewisse sei him doch súntsjes, dat it in sedelike moard wier, dy er foarhie.

't Kwead is lykwol in kanker, dy sa lang oan 't gewisse foartfret ont er einlings hast neat mear fen oerbliuwt, en Symen syn gewisse hie nea net hiel great west.

»Mar al hat it nou ek net sa'n bulte om 'e hakken», foer Symen foart, »Jy matte my doch altyd onthiette, dat it jinge wy hjir nou forpraete ûnder flower eagen bliuwt.»

»Nou, dat kin jou bigripe! 'k Scoe my sels de fingers barne!»

Hjirop forhelle Symen nou Geale hwet plan as er ré hie om Pybe oan 'e kant to krijen. Dat scoe sa gean.

Sa gau as Geale hwer to Amsterdam kaem scoed er Pybe, krekt as altyd, opsiikje.

It brief, dat er fen him meikrige mast er net oan Nieske bringe, mar oan Symen jaen.

Hy scoe Pybe sizze dat Nieske syn ôfwêsen just net to swier opnaem, om 't hja nou en den yet al ris in feint hie.

Nieske hjar brief moast Symen ek ha.

Fierder scoe Geale yn 't gea útstruye dat Pybe alhiel op in forkeard paed wier en der mar aldermâlst yn Amsterdam trochgong, en einlings — as de ljue der fen sahwet aerdich yn 't gelove wieren — dat er teikene hie as soldaet nei de East.

As Nieske nin langer tinge fen Pybe krige, en hjar derby it praet fen 'e ljue oangeande him to earen kaem, den scoe hja hjar sinnen doch wol fen him ôfsette, miende Symen, en den hie hy de baen rom.

Hwet in divelsk plan oars net?

Do alles ôfspritsen wier, kaem it oan de bileaning fen Geale ta. Nei folle tingjen en bieden waerden hja it iens, dat hy dalik tsien goune ha scoe en fierders foar eltse brief, dy Symen krige fiif goune, en eindlings, as alles goed ôfroun en hy Nieske ta wiif krige, scoed Geale yet fyftich goune hadde.

En it plan slagge mar al to goed!

Wy hadde sioen dat Nieske nin tinge mear fen Pybe krige; derby gong it praet troch it doarp dat Pybe him sa raer yn Amsterdam to bûten gong; en waerd er op it lêst forteld dat er, nei 't er alles hwet er hie, forslampampe hie, nei de East teikenje matten hie as soldaet.

Nieske wier alhiel forbûke. Ta oermiette fen ramp, waerd hjar heit siek, tige siek.

Dokter sei, dat it koe wol ris in lang fortrek jaen, mar like goed scoe 't ek gau dien wêse kinne.

Nou barde 't op in joun dat baes it tige krap hie, do er Nieske by syn bêd rôp.

»Nieske,» sei er nei in hortsje, dou witste hofolle as ik fen dy hald en ho ik altiten myn bêst dien ha om dy lokkich to meitsjen; mar nou kin it wol ris gau mei my dien wêse. — Skriem net, fanke! it libben is hast neat as lyen en oan de ore side fen 't grêf forwachtsje ik in silliger oarde as dit ierdske triennendal.”

Hjir mast er in hortsje ophalde om to sykheljen.

»Dou witste Nieske!” sa forfolge er wer, as ik wei kom to reitsjen is der in aerdich stúrke jild for dy, mar lykwol dou scilste dochs in ienlik en naer libben ha; — derom, fanke, is 't for dy mar bêst om trowen to thinken. — Pybe woe ik dy net ta ha, en ik wegere it ta dyn egen bêst. Ik wol nou mar neat mear fen him sizze om 't er nou dochs foart is.”

Baes mast wer efkes rêste en Nieske gúlde it omtrint út fen fortriet. Baes bigoun wer:

»It moeith my dat ik dy alde woun hwer iepen helje mat; mar ik mat om 't ik net withonear as de dea komt, dy oan alle ding in eind makket. Nieske, ik scoe to-freden wêse astou trouw wierste mei Symen. Hy is foar de wierheit; hy hat syn brea en hy haldt folle fen dy. Hy scil fêst in goe man for dy wêse.”

Nieske wier alhiel forslein. It wier as hjar hert yn enoar kniept waerd. Hja foel op in stoel del. — Oan 'e iene kant in man, der se in tsjinnichheid oan hie; oan 'e ore kant in sieke heit, dy hjar bea oan 'e igge fen 't grêf . . . om doch dy man hjar hân to jaen . . .

't Wier in striid om ûnder to biswiken, om it forstân to forliesen! Hwet scoe se dwaen?

Yn 't ein gong se opstean en sei: »Heit, ik scil jou sin dwaen; dat God my kreften jow!»

»God scil dy syn sein net ûnthalde myn bern!» andere baes.

Nou wier it útmakke. Symen, de falske Symen, dy glûpert, hie de slach woun.

Fjouwer wike nei dy tiid lies exteur fen 'e treppen fen 't gemeintehûs it earste gebod ôf fen Symen Hoepelstraald 25, en Nieske Stamsma, ald 21 jier, en fiertsien dagen dernei wieren hja in pear.

Do de breid mei Symen foar de boargemaster stie, wier hja sa oerstiûr, det elts meilyen mei hjar ha mast. Mei in triljend lûd spriek hja it jawird út.

De earste wike seis fen hjar houlik gongen foar 't each fen 'e minsken ridlik foarby, mar do kaem de kat al út 'e sek krûpen. De alde knepen, dy Symen salang ynholden hie, kaemen út 'e mowe.

Alle merkedagen mast er nei stêd ta, howol er der oars neat to dwaen hie, en it barde faeken, dat er mei in moai stik yn 'e kraege den wer thúsk kaem.

Yet slimmer waerd it do baes Stamsma kaem to forstjerren en de jonge ljue in moai stûrke jild neiliet. Sont dy tiid kaem Geale Pluk faeken by Symen oan hûs en bleauw den lang mei him yn 't sydkeamerke. Hwet der barde wist Nieske net, mar dat it net folle sûnders wier, omdat it nin liocht like fornere to kinnen, hie hja wol toar 't forstân.

Ik wit der mear fen en scil 't jimme sizze.

Symen hie, trou oan syn wird, Geale it Judaslean útbitelle; mar fiertsien dagen nei de dea fen de ald man kaem er wer en easke alle wiken fiif goune, om 't Symen,

sa redenearre er, syn lok oan him to tankjen hie en er 't nou skoan dwaen koe.

Hwet scoe Symen dwaen? Died er 't net, Geale scoe syn fiten oan elts en ien forhelje en 't hiele gea scoe him op 'e rêch oansiean. Hy mast derom wol oan syn easken foldwaen en sa waerd er finzen yn syn egen net.

Geale wier forthoan syn boase geast, dy him oeral efter de boxen siet. 't Ien en 't oar joech in rampsillich libben.

It jild fen de ald man, sa sûr fortsienne, fleach wei krekt as 't yeske wier. Amper fiouwer jier hieden hja troud west, do wier 't hûs al forhypothekearre, in heal jier letter waerd it forkoft en al hjar húsrie forbœlgûdde en dermei wieren hja ek hjar middel fen bistean kwyd. Earmoed en lyen wier nou dei oan dei hjar diel. Hja hieden twa berntsjes; Nieske koe dos net in bulte mei fortsienje, hwet hja lykwol doch, sa folle as 't mar eat koe, die.

By dit lyen kaem by Symen yet — net it forwyd fen syn gewisse — mar de spyt dat er him sels yn 'e groun wrot hie, en om die spyt to deyen naem er mar wer syn taflecht ta 't jeneverglês.

En hwet foar beide de ellinde yet in eind swierder makke, wier, dat nin ljeafde en húslike frede de angel fen 't lyen stomper makke.

Do dit in pear jier sa dûrre hie bigoun Symen let yn 'e hjerst to sukkeljen.

De drankjes fen 'e earmedokter wieren net yn steat dat lekkke skip boppe wetter to halden. Symen stoar.....

En Nieske? Hja forgeat triennen op syn grêf, trienen fen eangstme foar de takomst, triennen fen bangens for

de winter, dy as in heislik spoek hjar oangrime, ja, mar ek in echt minskelike trien for de heit fen hjar earme berntsjes

Sa ha wy hjar den nou sioen, acht wike nei de dea fen hjar man.

Hja skriemde om 't hja net wist hwer 't hja moarn hjar hertsjes brea wei jaen scoe. Wy matte hjar in eagenblik mei hjar leed allinne litte en geane nei de bûrren torêch.

V.

It doarp, hwer dizze skiednis bard is, leit oan in great farwetter, der alle skippen, dy fen 't súden ôf nei Liowert farre, trochkomme.

Forskate fear- en ore skippen komme der lâns en halde by de brêggê foar de herberge »'s *Lands welvaren*'' oan. Nou lykwol is 't wetter-flak yn in fêste wei forore. Yn 'e pleats fen skippen brûkt min sliden om it gûd oer to bringen.

It jongfolts hat yet syn nocht net fen klawen en krassen op 'e feart. Boppe op 'e opkeamer fen 'e herberge giet de fioele, mar douners binne der yet net. Under yn 'e taepkeamer is it yet leech.

Mei fêste streken komt er immen de feart opriden. Hy haldt stil; hy bynt syn redens ôf. It is in man fen om en by de tritich jier ald. Hy is matroashaftich yn 'e klean. In great gouden horlogiekeatting kipeth ûnder syn jekkert wei. Yn 'e opslach fen syn each laeit eat swiersettichs. 't Liketh ús ta dat er oandien is.

Hy siketh in plak by de kachel, sa, dat it liocht net flak op him delfalt en er sahwet heal yn 't tsjuster sit.

Hy easketh in fleske wyn en fregeth, nei in fixe slok

nomd to habben, oan 'e kastlein as er ek in glês mei
 drinke scil, hwent hy haldt fen selskip seith er.

Nou, jimme bigripe dat de kastlein him net lang noadje
 lit, mar gau tapakt, »'k scoe my sels bineidiele," seith
 er as ik net fen jou freunlikens brûkme makke."

De kastlein stekte de piip oan, de reisger in cigaer.

»Wenje jo hjir al lang, kastlein?"

»Ja — lit ris siean — ja, Maye, wirdt it saun jier
 dat ik dit spil krige ha. 'k Ha 't do oernommen for
 flower thûsen goune fen baes Stamsma. Dy wier der
 egener fen en forhierde it, mar by syn forstjerren waard
 it oan jild makke."

»Dos is baes Stamsma dea?"

»Ja, hadde jy him kind?"

»Nou, sahwet, en 'k ha wol ris heard dat hy
 in in dochter hie dy min de moaiste faem
 fen 't gea neamde," seith de reisger wylst er min efte
 mear trilleth.

»Ja, dat is ek sa; mar, och Here! dy is diep to bikleyen.
 Jy matte witte dy faem — hja hiet Nieske — fryde mei
 in fix jong feint. Syn alden wieren dea; syn heit hie
 skûtmakker west, mar dy saek waard nei syn dea oerdien
 en Pybe kaem by de nye baes to tsienjen for feint.

»Nou seyen se wol dat Pybe hwet in wyld hier yn 'e
 nekke hie, mar dat wier den oars sa slim net. It wier
 in nuver aerdich jongfeint, dy him skoan redde koe.

»Nieske en hy wierren it mei mankoarren iens, mar hwet
 wol it gefal? de ald man is der danich tsjin. Hy forbea
 dat Pybe by him oan hûs kaem.

»Nou, ho giet it mei 't jongfolts? Kinne hja it net
 thúsh fine, den sykje se 't om ústens, dat follentiids net

folle better is. Mar hwerom, miene jy, hie baes der op tsjin? Om 't er tocht dat de faem in man ha mast dy it alde gelove alhiel tadien wier! — Jy matte witte, baes Stamsma wier danich orthodox. De feint nei baes syn sin wier Symen Wytkop. Nieske woe lykwol earst neat fen him witte, mar eindlings barde 't dat Pybe ûnforwachte it doarp forlieth, sadat nimmen wiste wer er stoud ef flein wier. 't Dûrre lykwol net mâlle lang do gong it praet dat er nei de East teikene hie as soldaet nei 't er alles yn Amsterdam forslampampe hie. »Koart derop waerd baes siik en in wike mannich letter boaske Symen mei Nieske.»

De reisger lit syn glês, dat er krekt oan 'e mûle bringe scoe, yn alle griseleminten op 'e groun falle.

»Dat 's neat, 'k ha wol mear,» seith de kastlein, dy moai op syn stoeltsje is, nou 't er sa'n oandachtige tahearder hat.

Hy helleth in ore romer en forhellet fierder:

»Ja, it like elts freamd ta, mar min seit — ik scoe it oars hast net leawe wolle — dat baes, do 't er thige min waerd, Nieske twongen hat om oan Symen it jawird to jaen.»

De reisger lit in diepe sucht en seith: »En nou?»

»Nou? Symen hat alles der throchjage [en fen 't hjerst is er stoarn. Nieske hat twa bern; hja hat it tige krap en wenneth in ketier bûten 'e bûren oan 'e sândyk.»

De kastlein mat nei de taepkast om 't er in pear manlju ynkomme, dy elts foar in stoer jenever easkje.

Underwiles stieth de reisger op.

»Hea, hwet binne jou bleek!» seith de kastlein.

»Ja», is 't anderth, ik think dat de kachel my to waerm is. 'k Scil efkes yn 'e loft siean, den scil 't wol oergean.»

Hjirmei strykt er hastich de doar út.

Mei in feart rint er de sândyk op, krekt as sit er immen him efternei.

Yn minder as tsien minuten stieth er foar it âlde húske, hwer wy witte dat Nieske wenneth.

Hy bliuwt stean.

't Moanliocht biskynt syn troanje.

Hy is malle bleek om 'e holle.

Syn lippen binne stiif op enoar drukt; hy knypt beide hannen stiif op it boarst gear en seith mei in dof lûd: »Moed! moed! it mat wêze.»

Hy giet súntsjes nei de doar ta.

Alwer bliuwt er stean; yet ris liketh syn kreft him to bijaen.

Yet ris docht er in stap neyer.

Hy siocht in flau liocht barnen troch de alde blynden.

Hy giet alhiel deun oan 't feinster en siocht Nieske sitten mei de hânnen foar de eagen; skriemende fen hertsear.

»Dat is to slim!» ropt er, en mei iens loekt er de doar op en stapt yn 'e hûs.

Nieske fliucht forheard oereind.

»Pybe!» gûlt hja en siicht yn enoar op 'e groun del....

Hoef ik jimme hast wol to forheljen ho 't fierder ôfroun?

Nieske kaem gau hwer by hjar sels. Hjar lyen hie nou in eind nommen. Pybe koft in tsjep húske mids yn 'e bûrren. Nieske gong der to wenjen, en do se in jier

en seis wiken widduw west hie, boaske se mei Pybe.

Mar, scille jimme freegje, ho is 't Pybe Sjoerds gien?

'k Scil it jimme gau útlizze frieunen. Pybe wier nei de East tein om 't er yn 't gelove wier dat Nieske net mear oan him tocht. Hy hie lykwol net teikene as soldaet; né, hy hie him forhierd op in Eastindiefarder as timmerman, en allinne foar de hinnereis.

Do hie er yn 'e East skielik wirk foun op in greate werf fen 't Ryk.

Om 't er in skrandere kop, in sterke hûd en in goede wil hie, kleau er gau op ta opsichter.

Hy studearre yn learde boeken oer syn fak, en die in examen as Ingenieur, en fortsienne do in bulte jild.

Mar ho wirksom as er ek wier, doch fielder er altyd in langstme nei syn heitelân, dy 't er mar net fordriuwe koe. It bield fen Nieske spile him derby altyd foar de sinnen.

Hy fortsienne, lyk as ik sei, in boel jild en fortarde in bytsje; sadwaende hied er gau in goed stoer jild oergarre.

Do 't er binei saun jier yn 'e East west hie, tocht him, mast er ris forlof freegje, en dat krige er ek foar in hiel skoft. 't Sprekt fen sels dat er daelk nei syn bertepleats teach. Ho scoed er it litte kinne?

Wier it tafal ef wier it Gods-bistiûr dat er krekt op dy tiid oankaem? . . .

Pybe frege nou fen sels syn ûntslach en it dûrre den ek net mâlde lang of me lies yn 'e krante:

Z. M. heeft op verzoek eervol ontslagen als Ingenieur 1ste klasse in Nederlandsch Oost-Indië den heer P. S. Walstra, thans met verlof in Nederland.

Om 't er lykwol al to jong en to krigel wier om lid-
dig to rinnen, liet er oan it eind fen 'e bûrren, op it
selde plak der syn heit wenne hie, in skúthelling meitsje.

Wy winskje him en syn wiif lok en frede ta.

En Geale Pluk?

Sont Pybe torêch is hat min Geale nea net wer yn 't
doarp sioen.

ú t.

